


BIJLAGE A



Ik bin de Apelfretter (Appelvink). Mei myn grouwe sterke snaffel kreakje ik grutte pitten (swiete kers en fûgelkers) en siedden fan beammen. Ik hâld fan âlde bosken dêr't in soad ferskate beammen en strûken steane. Ik bliuw yn 'e winter meastal yn Nederlân en myn famylje út it noarden komt dan faak ein septimber nei my ta. Ik lis fjouwer oant fiif aaien yn in nêst heech tsjin de stam fan beammen, yn klimop, of yn de ûndjippe holte fan in tûke.



Ik bin de Swarte Spjocht (Zwarte Specht). Mei de snaffel hak ik alle jierren in nij nêst yn in grouwe beam. Bygelyks yn in âlde bûk, Amerikaanske iik of lariks. Dy âlde tsjokke beammen binne benammen yn natuerlike bosken te finen. Dêrom bin ik dêr dan ek it leafst. Ik bin gek op houtmychimmel en larven fan krobbes. Ien kear yn it jier lis ik trije oant fiif aaien.



Ik bin it iikhoarntsje (eekhoorn). Yn 'e hjerst lis ik in itensfoarried oan foar de winter. De siedden, ikels, dinne-apels en nuten ferbergje ik ûnder bledsjes of wat ierde. Faak ferjit ik in ferstopplak, mar dat is net slim want út dizze siedden groeie dan yn de maitiid nije planten of beammen. Sa help ik mei oan it fersprieden fan beammen en planten yn de bosk. Soms ite gaaien, aksters of mûzen myn iten op. Ik hâld benammen fan nuddel-, leaf- en mingde bosken. Mar ik bin ek wol yn parken en tunen. Twa oant seis bern krij ik yn it jier. Ik bin altyd aktyf, it hiele jier troch.




Ik bin de Rosse Flearmûs (Rosse Vleermuis) en bin ien fan de grutste yn Europa. Ik fang grutte ynsekten en nachtflynters by de boskrâne. Yn holten fan beammen is myn sliepplak. Dizze holten stel ik fan spjochten. Yn 'e maitiid, nei de wintersliep, krij ik ien bern. Mei maksimaal 70 oare wyfkes hawwe we in kremagroep.

BIJLAGE B



Ik bin de Wâldûle (Bosuil). Sjochst my foaral nachts, mar oerdei kinst my wol heare. Wy lizze twa oant fjouwer aaien jiers yn in beamholte. Wy libje as in keppeltsje yn gebieten dêr't genôch (âlde) beammen steane, hiel it jier iten beskikber is en wêr't genôch briedplakken binne. Ik yt allegearre lytse sûchdieren en fûgels, sels jonge kninen en downen. Dêrneist yt ik kikkerts en podden, krobben, blaukoppen en soms fisk.



Ik bin de Beamotter (Boommarter) en ik lit my selden sjen. Leafst wenje ik yn âlde en fariearre bosken, dêr't ik yn holle beammen of âlde spjochthoalen in skûl- en nêstplak meitsje kin. Mei myn fjouwer flymskerpe hoektosken en 20 kiezzen kin ik in soad bisten deadzje en opite. likhoantsjes bygelyks, mar ek mûzen, kninen, hazzen, reekealtsjes, fûgels en ferskate ynsekten. Ek yt ik aaien en poddestuollen, beien en fruchten. Ik libje it leafst allinnich, útsein yn de peartiid (july-augustus). Yn myn nêstbeam (meast iik, bûk of din) wurde ien oant fiif jongen berne.



Ik bin de Das. Hja neamt my ek wol de panda fan 'e lege lannen troch myn beareftige swart-wite ferskinning. Myn ideale plak is in lânskip mei bosk en greide. Yn 'e nachtljke oeren kom ik tefoarskyn út myn ûndergrûnske skûlplak. Dan gean ik yn greiden en iepen plakken op syk nei blaukoppen. Mar ek slakken en krobben yt ik, eins alles wat ik mar tsjinkom op myn syktocht. Yn 'e ein fan 'e hjerst prop ik my fol mei ikels en poddestuollen en lis ik winterfoarrieden oan yn myn boarch.



Ik bin it Wyld Swyn (Wilde Zwijn). Ik libje graach yn bosken mei bûke- en ikebeammen, dêr't ik yn 'e hjerst smikkelje kin fan bûkenûtsjes en ikels. Mei myn snút wrot ik de boskboaiem om, op syk nei lekkere hapkes lykas woartels, knollen, ynsektelarven, mûzen en salamanders. Ik hâld fan wiete plakken, sadat ik in modderbad nimme kin. Wy libje yn groepen. Oerdei rêst ik yn myn útholling yn de boaiem dy't ik sels makke ha en soms bedek mei tûken. Winterdeis lizze wy dêr faak mei meardere bynoar yn.

BIJLAGE C



Ik bin de Ree en libje op 'e oergong fan leafbosk en heide. Dêr fyn ik iten en in plak dêr't ik oerdeis rêste en wjerkôgje kin. Us reekeal wurdt yn 'e maitiid berne as der wer genôch iten is lykas krûden, gerzen, blêden en knoppen fan beammen en strûken. Mar ek beien, lânbougewaaksen, twigen, ikels, bûkenûtsjes en poddestuollen en jonge bledsjes. Ik libje yn it foarjier en simmer min ofte mear solitêr, allinnich. De rest fan it jier libje wy yn groepkes, ek wol sprongen neamd.



Ik bin de Wolf en it grutste rôfdier fan it lân. Ik kin oerlibje yn kultuerlânskippen mei bosken, boskrânen, fjilden en ikkers. By foarkar libje ik yn grutte iepen bosken en ôfhândich lizzende somegebieten. En der moat genôch drinkwetter wêze om't ik lange ôfstannen rin. Ik yt lytse en gruttere bisten. Wy libje yn roedels en in alfa-pearke is de baas. It nêst fan ús sit yn in grot, ûnder beamwoartels, tusken de rotsen of soms yn de hoale fan in oar bist. Ik krij trije oant fiif welpkes yn it jier.



Ik bin it Reahart (Edelhert). Wy libje yn ferskate lânskipstypen: heechberchte, moerassen, rivierdelta's, gersflakten, beamleaze heide... Wy hawwe in foarkar foar grutte jonge bosken mei in fochtige fiedselrike grûn. Dêr ite we gerzen, krûden en blêden fan leafbeammen en yn de hjerst en de winter snobje we ek fan ikels en bûkenûtsjes. Beamskors helpt ús by de spiisfertarring. Wy hawwe in grutte ynfloed op de boskûntwikkeling.



Ik bin it Fleanend Hart (Vliegend Hert). Mei myn njoggen sintimeter bin ik de grutste kever fan Nederlân. As man ha ik grutte kaken dy't op in hartegewei lykje. De larven binne djip fuortstopt yn rotsjende iikestronken. It duorret wol fjouwer ta acht jier foardat de larve grut genôch is om him te ferpopkjen. Dat dogge se oan it begjin fan de hjerst, mar pas yn 'e maitiid komme se tefoarskyn út har oerwinteringsplak. Ik smikkelje graach fan it sap fan bûken of iiken. Ik bin it leafst yn iepen bosken, soms yn parken.